[0272] 23. *boernd* en *Boern*

Yn O II 83, dy't giet oer it ûnderhâld en de opbringst fan fjouwer silen by Jirnsum yn de Leppedyk, wurdt yn rigel 43 praet oer 'da hala *boernd'* (net yn 't register). Foar it ûnderhâld fan de silen oer stiet de opbringst oan tol en fiskrjochten en ek de opbringst fan de heale Boarn, dy't de grinsrivier wie fan it Leppe-distrikt yn Eastergo. Mei O II 83.43 strykt alhiel O II 30.43 `Ende hyer foer soe schellet hija habba dae netticheit daer sylna als tollen thy da grate sijl ende da fijskania to da threm sylem foers. ende da haela *Boern* (wol yn 't register) to da Stena dam ende da netticheit dijs wtera dyckijs'. Wy moatte dus *boernd* yn O Il 83.43 mei haedletter skriuwe en dit plak ek yn it nammeregister bringe.